

## It ûntstean fan Operaesje Fers

### 2. It begjin

It wie yn Koartehimmen goed beslein.

Hie it bûten de konferinsje om by it dichtersfolk fuort al wat broeid, ûntstie der ûnder har in driuw nei oare ferbannen, nei in oar klankboerd, yn 'e gearsit fan dy sneintemoarns waard de argewaasje, dy't dêr efter stiek, pas in bytsje ridlik formulearre, ûntjoech him it petear yn 'e selde rjochting en kamen wy meiinoar út by in nij medium foar de poëzij.

It idee hie ús yn 'e besnijing. It gie der by ús petearen efteryn Bellevue, oan 'e Nijstêd te Ljouwert, bytiden dan ek sa heislik om wei, dat de obers tsjininoar de skouders oploeken, want safolle hiene wy net hân. It iene idee jage it oare, sa slim, dat wy berûze rekken fan ús eigen praat. Der riisden folslein nije wizen fan poëtysk kommunisearjen foar ús op. It popularisearjen fan 'e poëzij, dat waard ús biedwurd.

Men kin jIn ôffreegje, yn hoefier't wy by ús ideeûntwikkeljen beynfloede waarden troch de bewegings yn 'e wrâld fan 'e poëzij om ús hinne. De fierdere demokratisearring fan de mienskip, yn 'e lette sechtiger jierren yn in streamfersnelling kommen, hoarte ek oan de struktueren foar de poëzij.

Wy hiene dy hjerstmis yn Fryslân de earste grutte poëzijjûnen hân. It dichtersfestival yn 'e Ljouwerter Harmony op 7 oktober 1967 hie ús sjen litten, dat de poëzij troch in oare foarm fan oanbieden in protte folk lûke koe.

Yn hoefier dat mei te tankjen wie oan it súkses fan de poëzijjûnen yn Carré jierren tefoaren, falt net mei krektens út te meitsjen, mar it wiene wol wis de Hollânske dichters dêr't de lju yn Ljouwert foar te heap rûnen.

De Drachtster Lawei-jûn op 20 oktober, allinne foar de Fryske poëzij ornearre, waard nei de kant fan de publike belangstelling, sawol kwantitatyf as kwalitatyf, in ôfdijer.

Wy hiene sjoen, en guon fan ús as dielnimmers oan dy beide poëzijjûnen fan tichteby meimakke, hoe't it koe en ek hoe't it net moast.

Mei in kopy fan *Poëzie in Carré*, dat op syn bar wer neifolging wie fan inselde barren yn Londen (1965), koe it foar de Fryske poëzij net ta.

Sa'n struktuer mobilisearre hjir inkeld it beheinde tal minsken mei in beheinde ynteresse, kritelju, dy't it om ferdivedaasje te dwaan wie. Dat wie ús yn Drachten raar opbrutsen.

Wy sochten om in oar publyk, dat mei in oare presintaasje lâns oare kanalen te berikken wêze soe.

De poëzijjûnen hiene der harres dus wis wol ta dien. Dat docht bliken út

it ferslach fan de *Deisteat VO-3*, yn it foarige haadstik oanhelle. Mar dêr blykt ek út, dat it idee Operaesje Fers fuortkaam út motiven, ûntliend oan neat oars as de (ús) poëzij sels. De operaasje hie syn eigen ûntstean en soe yn syn ûntjouwing in alhiel nije wei op gear.

Noch yn deselde novimbermoanne hiene wy de Iju, dy't rekkene wurde koene ta de Koartehimmenrûnte, berjochte oer ús befinings: it koe heve. Technysk en finânsjeel like it ús gjin probleem ta. Wy begrutten de kosten foar it earste jier op f 1.200,-. It honorarium foar de meiwurkjende dichters hiene wy op f 1.300,-. Troch ienris jiers de teksten te printsjen en út te jaan moast dat jild boppe wetter komme.

De Iju fan 'e rûnte waarden frege om tasizzing fan f 25,- elk. Wy rekkenen op 'e helte dêrwei, te sizzen f 600,-. De oare seishûndert gûne frege wy by it Anjerfûns.

It fûns joecht hûndert daalders mear, mar de Koartehimsters mear as safolle minder. Dat foel ús al wat ôf fan har, mar wy hiene it faaks ek wol wat heech yn 'e mûtse. De rûnte stipe ús grif foar mear as dêr't sy sels yn leaude.

Douwe Tamminga skreau: 'Hjir ha jim dy flif en tweintich gûne. As it neat wurdt, fersûp se dan mar'. Dêr waard faaks wol mei útdrukt wat de measten der fan tochten.

Wiene wy sels dan wol sa wis fan 'e saak.

Net en al. Wy rekkenen op in protte publisiteit en dêr wurken wy ek op ta. Mar dat de operaasje trochsette soe en langer as in moanne as wat bestean, dêr hiene wy doe noch gjin gedachten op.

Wy wiene, earlik sein, mear op 'e stunt út as op in duorsume konstruksje. Hokfoar technyske en finânsjele problemen wy te wachtsjen hiene, soe de operaasje it wat langer úthâlde, wy hiene der gjin oan fan, prakkesearren der net oer.

Meindert soe op it jild passe, Josse soe foarsitterje en ik soe it skriuwerk dwaan, en dan moast it goed komme.

Wy hiene it de Koartehimsters oplein noch net fan ús aksje te reppen, want wy woene mei in bats yn 't nijs. Dat fertribele de Ljouwter Krante ús hast noch. Yn 'e L.C.-ôflevering fan 16 desimber 1967 ferskynde yn in opfallend kaderke in berjocht, mei as kopke: 'Fryske fersen aenst oer de tillefoan?' Wy ferbieten ús. It wie foar immen of foar in oar ploechje omers maklik genôch en meitsje it yn 'e tiid fan in pear wike sels foarme-koar. Mar it gie goed, it idee waard ús net ûntstellen. De Iju fan 'e rûnte krigen fan ús in ôfslutend twad brief, datearre 10 jannewaris 1968. Wy hiene it foar mekoar.

Mei it kommunikee siet it dêrom noch wol even foar it krús. It geäksel oer it konsept, dat Josse makke hie, sette de operaasje sels noch even ûnder spanning. De wyldseauwige tekst hie ik wat op tsjin. Wy koene it

net lyk fine, mar Meindert middele. Wy skrasten en formulearren fannijs. It stik rekke grôtfol korreksjes, wie suver net te lêzen. Op 't lêst lieten wy it mar sa, joegen it alle trije oer. It doel teide inkeld mar mear. Ut it lêste part fan it kommunikee:

## 8. KREDO

*Gjin paternalisme, gjin biningen. Oanslute by de aktualiteit op in direkte wize. Gjin morele of opfiedende tendinzen, mar wol in iepensmiten fan de to lang bismette boekjespoëzije. Poëzije as middel om tinzen oer to bringen, sûnder twang, sûnder moatten. Ek edukatyf en taalbifoarderjend, mar it lêste net as doel. Ek oare foarmen fan kommunikaasje en byldzjende kunst binne wichtich, ek sjoen yn it ynternasjonael forbân. Ynfloeden fan bûten de Fryske grinzen en Hollânske grinzen binne wolkom. In iensidich biheinen ta ien kultuer is deadlik. Elkenien moat yn prinsipe de kâns ha mei to dwaen. Eigen kreativiteit op it earste plan. Operearje yn 'e maatskippij. Yn 'e hjoeddeiske kultuer. Yn 'e hiele wrâld.*

De tiid dreau. It reemeitsjen fan 'e beide teksten, in Fryske en in Nederlânske, elk op trije A4-kanten, it ferstjoeren derfan oan sa'n foech hûndert parse-organen en oare media, it moast allegearre yn sân hasten. Wy soene op freed de 16e febrewaris los. De 17e soene alle kranten yn Nederlân fan in bytsje betsjutting ús kommunikee yn 'e hûs hawwe, mei in begeliedend skriuwen.

Josse hie it mei de VARA foarme-koar, Mies Bouman soe de freedtejûns yn har T.V.-programma 'Mies en scêne' de operaasje wrâldkundich meitsje en as earste it nûmer fan Operaesje Fers draaie: 05170-3553.



De beide teksten fan de earste útstjoering fan Operaesje Fers

*Operaesje Fers kommunisearret*

*telepoëtysk  
oraal  
nij funksjoniel  
wat in juwiel  
klassyk  
kreätyf  
Operaesje Fers*

*kranksinnich  
direkt  
mondiaal  
wat in kabaal  
primityf  
patsjend  
Operaesje Fers*

*edukatyf  
húnjend  
ludyk  
wat in mimyk  
lokaalnasjonaalynternasjonaal  
hjoeddeisk  
Operaesje Fers*

*stroffeljend  
flokkend  
knibbeljend  
wat in stunt  
kommersjeel  
suver om 'e nocht  
Operaesje Fers*

*Proast*

*mefrou  
minhear  
't is tiid  
om te klinken  
proast  
op it prûske  
fan in kultuer  
haw omtinken  
wy ha it fersjoen  
op jo ear  
wy befruchtsje jo  
en jo hiele hear  
en fear  
de juffer fan 'e  
sintrale (k.i.)  
docht ek mei  
hja beskiedt it  
slachte fan ús bern  
fertiesd yn 'e triedden  
faaks fine jo  
de groeden noch wol  
lit ús opnij yn skinke  
en klinke  
klinke  
proast mefrou  
proast minhear*

(tekst fan Josse de Haan)

(tekst fan Meindert Bylsma)

Wy krigen in oansluting yn it Hearbeamster skoallehûs, Josse en Wybrich mei de bern har wenning.

Yn Hearbeam waard foar de poëzij de ierde bleat lein, in nije kabel oanbrocht. It die ús wat.

Wy wachten dy freedtejûns om 'e nocht op Mies har startsein. It frommiske liet ús sitte.

Dat wie al even lesticht, want wy hiene op grûn fan de ôfspraken mei de VARA yn ús skriuwen oan 'e parse nei de T.V.-útsjoeing ferwiisd.

Mar wy wiene de VARA net brek, én de AVRO net, dy't op 2 maart mei Regiovizier itselde fertoande: in reis nei Bussum, in opname, goed slagge neffens Ria, mar gjin útstjoering. Ek de KRO-radio en de VARA-radio nochris hellen sokke grappen út. De VARA makke it letter noch in bytsje goed mei T.V.-opnamen op it Frjentsjerter Bolwurk, útstjoerd op 13 maart. Meindert, dy't dêr foar Operaesje Fers yn postuerde, krige doe alle romte. Josse krige fan de AVRO de gelegenheid om yn it radioprogramma 'Muzikaal onthaal' ús aksje ta te ljochtsjen.

Mar nochris, wy wiene se net brek, koene se al sa goed wol slite, mar dat krigen wy letter krekt troch. De telefoanyske oproppen, dy't al sachs by tûzenen út in T.V.-útsjoeing as dy fan Mies fuortkommen wiene, hiene de operaasje noch dyselde jûns yn 'e grûn boarje kinnen.

Us iene antwurdapparaatsje wie op gjin fuotten noch fiemen nei berekene op sokke telefonades. Nei alle gedachten wie it Frjentsjerter telefoannet sa slim belêstige wurden, dat de PTT yngrypt en ús nûmer blokkearre hie.

Dy die dat letter dochs wol, mar wy hiene doe teminsten in pear wike draaid en dus wat hearre litte kinnen.

It gie no moai starichjes-oan. Sneons kaam it berjocht oer ús aksje yn 'e provinsiale, de moandeis en de tiisdeis yn 'e lannelike parse.

It gie mei de telefoanyske oproppen dêrom noch need genôch. De teller fan it apparaat joech in frekwinsje oan fan trochinoar 1000 oproppen it etmel. Dat wiene de slagge ferbinings allinne noch mar. Dêr efter siet foaral oerdei noch in macht fan oanhâldende stomprinnende ympulsen, dy't de 3500-siferrige sa slim belêstigen, dat in protte abonnees alhiel net mear te berikken wiene. Dêr wiene ek ynstellings by fan saneamd fiitaal belang.

Mâle slim wie it, dat de lju faken it goede nûmer net draaiden, dêrby yn 'e selde flater ferfoelen en fan gefolgen hyltyd by deselde abonnees útkamen. Guon fan har rûnen nei de plysje.

*Frou Prúksma yn Doanjum, al aardich op jierren, hie krekt op lang oanstean fan 'e bern (moat mem dwaan, kin wy mem ris skilje, as der dan ris wat is) telefoan krige. It ding wie har yn it oankommen fijannich,*

alleast se wie der noch wat skrutten foar. Komme dy lju no net hyltiten by har út, net allinne oerdei, mar nachts ek. De âld-frou hyltyd op en ôf it bedsteed.

Dan nei de safolleste kear:

'Ja hallo, spreek ik met een fries gedicht?'

'Ei minske, wat wol jim dochs, ik bin frou Prúksma fan Doanjum en ik wol sliepe.'

No woe it wol aldernuverst treffe, dat ik in pear moanne earder as bedriuwsmataskiplik wurker by de PTT yn tsjinst kommen wie en yn dy rite by it Telefoandistrikt Ljouwert in soarte fan yntroduksjeprogramma ôfwurkje moast. Net dat ik dêr oansteld wie, mar by sykte en ferlof soe ik dêr sa út en troch, sa wiene wy akkoarte, nêst myn wurk by de Post, ferfange moatte.

Wy hiene fan 'e telefoanlju oan doe ta alle meiwurking hân. Se joegen ús in apart poëtysk nûmer en soargen dat alles op 'e tiid en nei ús sin klear kaam. Mar no wie it al even oars.

Yn 'e Frjentsjerter Telefoansintrale seach ik it spul ris oan, de kast dêr't ús nûmer yn siet. Ympulsen rattelen almaroan, nei boppen en oerders. It byld fan in flat, dêr't de lju koartsich yn nei boppe fleane en har op 'e safolste ferdjipping ferkringe om der by nûmer safolle yn, of om de gong op of op in slimst it gebou yn.

Mear as tûzen oproppen foar Operaesje Fers op ien stuit bedoar it foar it hiele 3500-tal. De hiele lange gong mei wachtsjenden koe gjin minske mear by op, sis mar.

Dat gie sa de moanne febrewaris út. Doe wie it ôfrûn. Wy mochten gjin fersen mear útstjoere. De Fryske poëzij paste net yn it systeem. It F-systeem van Siemens.

In boadskip mocht noch al. Dat waard in S.O.S., in freegjen om jildlike stipe. Dêr mochten ús klanten net oer. Mei it slimme skiljen wie it samar dien. Sinten smiet it net op dat makke. Nei in dei of wat begûn it Josse te ferfelen, hy sette der stilwei wer in fers op. Fuort rûn de frekwinsje wer fiks omheech. En doe wie it hielendal út. Yn 'e sintrale hie in man op heech befele in isolearstikje op ús nûmer set. Mooglik hied er nei it telefoantsje út Ljouwert it kofjedrinken earst noch dien makke en koe it fers fan dy dagen sadwaande noch krekt in pear kear de wrâld yn glûpe, mar dêr wie it dan dochs wol mei sein. Operaesje Fers wie blokkearre. It in fan 't lietsje.

De PTT die ús de foarslach: ophâlde of mei de operaasje nei Ljouwert ta en ûnder nije nûmers yn 'e soadsprekker-rige fiif linen iepenje. Wy koenen de rekken opmeitsje.

- Yn 'e tiid fan lyts fjirtjin dagen hiene wy op in minsten 10.000 minsken

fan in fers foarsjoen. Mear as 100.000 hiene besocht om mei Operaesje Fers in ferbining te krijen.

- De earste poëzjiteksten wiene ynkommen, fryske sawol as nederlânske, mar de lêste it meast. Dat moast noch wat wenne. It soe gjin probleem wurde.

Ik siet al gau by de heechste telefoanbaas fan Fryslân, Posthuma. Der wiene nochal wat klachten, fan trije lju tige slim. It koe sa net trochgean. Wy soene der mei ophâlde of útwreidzje moatte, sei er. Dêr lei ik tsjin yn, dat wy noch mar krekt begûn wiene, it wie in nijsje. It hege tal oproppen, opjage troch it aloan besykjen om der tusken te kommen, soe it mei in dei of wat wol mei ôfrûn wêze. Jild foar mear oanslutings hiene wy net, mar wy wiene wol drok dwaande om it te krijen. Ik frege in pear wike tiid.

Wat wy fan doel wiene. Wie it gekhied, in opstiging, of moasten se ús aksje serieus opnimme. Dat lêste fansels. Oft it ús tinken wie!

Wy bleauwen op 'e line.

Linkendêwei waard it my dúdlik hoe't de kaarten der yn 'e meartallige direksje en by de sjefs dêr fuort ûnder hinne leine. De telefoan wie der inkeld foar nuttich gebrûk, krige ik alris te hearren. Oaren namen it foar Operaesje Fers op, lykas ien fan de adjunkt-direkteurs, Van Houwelingen.

De deiblêden, foaral de lannelike, giene mar troch mei har publikaasjes oer ús aksje, doe dêr oer hinne ek de wykblêden en oare blêden en bledsjes. It hege tal oproppen hâlde mar oan sadwaande. Wy hiene neat leaver as dat, wurken it mei sa út en troch in nij kommunikee ek noch yn 'e hân.

Om de swierrichheden wat te lichtsjen setten wy der in healminúts bantsje op. De frekwinsje wie doe 80 yn 'e oere, de nachtoeren meirekne, want ek dan waard der omraken draaid. Hokfoar lju dat wiene, koene wy fansels inkeld mar nei riede. Wy hearden fan in dokter yn 'e Dokkumer Wâlden, dy't syn pasjinten rette nachts as se omkrústen en de sliep net krije koene Operaesje Fers mar ris te draaien.

- Nije kontakten wiene lein mei dichters en dichtersploegen bûten Fryslân, yn Grins, Den Haach en Flaanderen, lju dy't de operaasje wakker stipes.

- Operaesje Fers hie in protte publisiteit krigen, foaral bûten Fryslân, en koe dêr foarearst moai wis ek op rekkenje.

- De idee-ûntjouwing hie net stil stien, nije mooglikheden dagen.

- Mei de sinten stie it der bedroefde min foar. Dat hie fan ús belied de swakke kant west.

- Oan 'e oare betingsten foar in libben en trochgeand poëtysk operearjen yn 'e maatskippij wie foldien, like it wol.

- De stunt wie alteast slagge, in dúdlik begjin makke.

Wy woene mei faasje fierder. De útstjoering fan fersen mocht dan al stil stean, foar it berikken fan ús doel wie dat allinne mar geunstich.

De rop om jildlike stipe waard de stof foar wer in nij kommuniquee, en dat oanlieding ta wer mear publisiteit. It niteljende toantsje op ús nûmer, yn it plak kommen fan de poëzij, ûnderstreke dat foar elk dy't it mar hearre woe. Net dat wy fierder fan de partikulieren jild fregen. Dy hiene harren ommers (oan 'e PTT) al jûn. Hjir wurke it profytbegjinsel needsaaklikerwize. Nee, it soe foar Operaesje Fers polityk helle wurde moatte. De oerheid soe fanwegen komme moatte mei subsydzje. Dochs bedijden wy op in doer mei dat pappagaaike op ús Frjentsjerter nûmer wer minder. Sadree't de publisiteitsweach útwurke wie, soe dat toantsje ús klanten en ek publisiteit komme kinne te kostjen.

Dat hie de PTT ek troch. Der wie nei har earste foarslach (fiif linen yn Ljouwert) noch gjin wike ferrûn of wy hiene fan de Telefoandireksje al in nij en foar ús gâns noflikker útstel foarlein krigen: wy mochten yn Ljouwert wol mei twa linen úteinsette. Wy begriepen, de poëzij wie kommersjeel nijsgjirrich wurden, dy hie him sels yn 'e merk prize, in skealike merk foar ús, dat wol. Us keunst smiet foar it Ryk moai wat jild op. Om dêr wat fan werom te krijen, dat soe in oare keunst wurde.